



## Reaksje FFU op ‘Taalplan Frysk’ (2016)

180606

### Ynlieding

Op it earste gesicht liket it *Taalplan Frysk* in ridlik goed plan. Neffens de ynspeksjeferslaggen giet it ommers lang net goed mei it ûnderwiis yn it Frysk en om dêr ferbettering yn it bringen, is troch de provinsje besletten om ûndersyk te dwaan nei de begjinsitaasje fan de skoalle op it mêd fan it Frysk. De skoallen wurde yn dat plan oproppe om yn de kommende tolve jier ekstra tiid en enerzjy te stekken yn it ûnderwiis yn it Frysk en om te besykjen de keardoelen better yn it skoalprogramma te yntegrearjen. It hâlden fan in 0-mjitting (it fêststellen fan de begjinsituasje) waard útbestege oan de NHL en dat liek net ûnferstannich, omdat it ûndersyk dan ûnôfhinklik útfierd wurde kinne soe troch minsken mei ûnderwiisûnderfining.

It skynt lykwols mear as dat it is. Is it wer it safolste besykjen – en no dan echt? – om sûnder in dúdlike ymplementaasjestrategie de situaasje fan de histoaryske efterstelling fan it Frysk yn it ûnderwiis te trochbrekken? Sûnt 1800 is it Frysk yn it ûnderwiis winliken ferbean en ek nei de ferplichting fan de taal (as fak) yn it basis- en fuortset ûnderwiis (1980 en 1993) is der neffens in pear ynsidinteele útbrochte ynspeksjerapporten op de measte skoallen noch lang gjin sprake fan emansipaasje. Sa wurdt yn it ynspeksjeferslach út 2001 al konstatearre dat it ynnovaasje-proses stykje bleaun is yn 'e inisjaasje-faze en dat fan in doelbewuste ymplementaasje en evaluaasje fan it Frysk noch net praat wurde kin. Yn 2006 hat de ûnderwiisynspeksje al in 0-mjitting útfierd sûnder dat dêr belied op makke wurden is. It Frysk is, nettsjinsteande de wetlike ferplichting, noch altiten fierhinne ôfhinklik fan de persoanlike ambysje fan inkelde bestjoersleden en fan guon ûnderwiisminsken.

Op himsels is der út soarte neat mis mei de ambysje fan minsken mei it hert op it goede plak, mar de fraach moat steld wurde hoe effektyf oft de yn it *Taalplan* neamde beskieden maatregels wêze sille om dat needsaaklike emansipaasje-proses op 'e gleeed te helpen. Nei de 0-mjitting sil de provinsje neffens it *Taalplan*:

- de ynspeksje ynformearje oer de ûntheffings, mar wy freegje ús dêrby ôf oft de ynspeksje tenei it ûnderwiis yn it Frysk no al of net yntegraal belûke sil by de *kwalitytsbeoardieling*.
- skoallen dy't it better dogge, finansjeel beleanje. Mar wat bart der as de provinsje en in skoalle it net iens binne oer wat der bedoeld wurdt mei in begryp as 'relatief veel' ûnderwiis yn it Frysk?
- Frysk 'op maat' jaan kinne troch it oanbod better op learlingen en keardoelen ôf te stimmen. Soks set neffens ús de wrâld flink op syn kop, want keardoelen jilde foar *alle* skoallen ommers as in *mienskiplike* en *minimale* oanbodferplichting. En dan is it de taak fan de skoallen om it ûnderwiis sa te jaan dat ek *alle* learlingen de kâns krije yndividueel in sa heech mooglik nivo te berikken.

### It fierde ûnderwiisbelied fan 1980 ôf<sup>1</sup>

Yn dizze paragraaf sette wy de maatregels fan de oerheid op in rychje dy't troch de tiid hinne nommen binne om it Frysk yn it basisûnderwiis in 'goed' plak te jaan.

<sup>1</sup> Sjoch ek: Th. Dykstra, *Makabere dûns om de keardoelen Frysk hinne. In oersjoch fan hoe't polityk (oerheid) en skoallen omgeane mei de keardoelen Frysk foar it basisûnderwiis yn it tiidrek 1993-2017*; 71 siden (2017; útjefte yn eigen behear).

- 1980: It Frysk wurdt in *ferplichte regulier* fak yn it basisûnderwiis mei as argumint dat soks in stipe is foar it ‘functioneren van het Fries, onder de erkenning dat de Friese cultuur zich binnen het Nederlandse cultuurgebied primair door de Friese taal manifesteert’.

- 1993: De keardoelen Frysk binne *spegele* oan dy foar it Hollânsk (hawwe deselde ynhâld).

- 1998: By de twadde generaasje keardoelen bliuwe dy foar it Frysk fan *itselde nivo* as dy foar it *Hollânsk* (‘Nederlands’). Op grûn fan de wetstekst ûntstiet der lykwols misbegryp oer de fraach oft keardoelen easken oan skoallen (in *oanbod*-eask) of easken oan learlingen (in *prestaasje*-eask) binne. In skoalbestjoer fan Ljouwert-Wurdum giet bygelyks út fan it lêste en protestearret tsjin de yn syn eagen net *helbere* (!) keardoelen Frysk. In ferkearde ynterpretaasje fan dat bestjoer, omdat de keardoelen gjin prestaasje-easken foar de bern binne, mar easken oan de learkrêften om ferantwurde differinsjearre ûnderwiis te jaan.

*De provinsje jout lykwols belies. Deputearre Steaten kieze foar it loslitten fan de spegele keardoelen Frysk mei as argumint dat de skoallen dan better motivearre wêze sille om ûnderwiis yn it Frysk te jaan. De oannommen útgongspunten fan lykweardigens en lykberjochting (‘Fan Geunst nei Rjocht’, 1983) wurde dêrmei folslein negearre.*

- 2006: De Twadde Keamer stelt de tredde generaasje keardoelen fêst. Dy foar it Frysk binne op in noch leger nivo as it Ingelsk (dus in ‘fremde’ taal) brocht. Troch de aksje fan in provinsjale wurkgroep wurdt it kultuurnivo noch krekt hantavene troch derop oan te stean dat it *skriuwen* yn de keardoelen opnommen wurdt.

*It gefolch dêrfan is statusferlies fan it Frysk en ymplisyt in beskate legitimaasje om it Frysk net serieus te nimmen. It fak spilet gjin inkelde rol by de kwaliteitsbeoardieling fan it ûnderwiis. Dat is fan dy gefolgen dat de ynspeksje dêrnei ek gjin substansjele ferbettering konstatearje kin..*

- 2014: De Twadde Keamer regelet op advys fan de saneamde ‘Kommisje Hoekstra’

(a) in wetlike foechoerdracht nei de provinsje Fryslân foar it *fêststellen fan de keardoelen Frysk* en (b) skept de mooglikheid om neist folsleine ek *parsjele* ûntheffing fan ûnderwiis yn it Frysk te jaan.

- Ad a: Foar it fêststellen fan de keardoelen waarden – nei oerlis mei de skoallen – de folgjende betingsten steld: 1. der moast *draachflak* foar yn de skoallen wêze en 2. it mocht *gjin ekstra* wurk jaan. Der waard net harke nei de kryptyk op de útstellen fan de *Ried fan Steat* (dat de ynspeksje it draachflak by de *befolking* net ûndersocht hat) en it *Konsultatyf Orgaan* (dat skoallen as útfierders fan it belied ûnrjochtlik in wetlik foech krije om sels oer it Frysk te kedizen en dêrmei op de stoel fan de wetjouwer sitten gean kinne. Ien en oar is yn striid mei de skieding fan de trije ‘machten’. In opmerklik novum yn de wetjouwing!

- Ad b: De provinsje kriget de taak – nei oerlis mei it primêr ûnderwiis – yn in ‘beleidsregel’ de kritearia fêst te stellen foar it jaan fan *folsleine* of *parsjele* ûntheffing as skoallen dêr om freegje.

*Foar it each kriget de provinsje mear foech fan it Ryk (om it better dwaan te kinnen), mar dat foech wurdt troch alderlei betingsten sa sterk beheind dat der gjin sprake wêze kin fan foarútgong as skoallen in ôfwikend stânpunt hawwe. Mei dy oanpak kin de ryksoerheid as einferantwurdlike foar it*

*ûnderwiis yn it Frysk sadwaande tenei maklik krityk op tekoartsjittend ûnderwiis yn it Frysk op de provinsje en de skoallen ôfskowe.*

- 2015: De provinsjale ‘Beleidsregel’ foar it ferlienen fan ûntheffings yn it primêr en fuortset ûnderwiis giet út fan twa kritearia:

1. it behearskingsnivo fan it Frysk yn de *(skoalle)mienskip*;

2. wat de skoalle al oan ûnderwiis yn it Frysk docht.

Skoallen kinne foar *parsjele* ûntheffing kieze út in rige profilen (A oant en mei G) mei by elts folgjend profyl ien keardoel minder. Te begjinnen by it *skriuwen* (B) en te einigjen by it oanbringen fan allinnich in *positive hâlding* (F) foar de Fryske taal (sûnder ûnderwiis yn dy taal te jaan). Profyl F is in ûnderwiiskundich djiptepunt en boppedat folslein yn striid mei de omskriuwing dat keardoelen allinnich ‘kwaliteiten fan learlingen op it mêd fan kennis, ynsjoch en feardichheden’ binne. It isolearre en op himsels steand oanlearen fan in ‘hâlding’ foar it brûken fan in taal sûnder ûnderwiis yn dy taal te jaan, is boppedat ûnmooglik, ûnsinnich en net objektyf toetsber.

*De útslach fan in ‘Tuskenrapportazje’ (maaie 2017) jout in ferbjusterjend byld. It behearskingskritearium liedt ta hiele grutte ferskillen tusken skoallen. It learen en brûken fan it Frysk wurdt opkeard troch skoallen de kâns te jaan om de bern net iens in passive behearsking fan it Frysk by te bringen. De fûnemintele flater dy’t makke wurdt, is dat de grutte behearskingsferskillen by de bern fan ‘e miet ôf oan net oplost wurde mei didaktyske (ynterne) differinsjaasje op **groeps- of klassenivo** lykas by alle oare fakken, mar mei in **taalpolitike maatregel** dy’t dat folslein negearret. Dy maatregel hat in skynber ûnderwiiskundich ‘jaske’ oan yn de foarm fan differinsjaasje op **skoalnivo**: it soe pedagogysk-didaktysk net ferantwurde wêze om bern ûnderwiis yn it Frysk te jaan as de taal op skoalle en yn de buert mar in lyts plak ynnimt. In frjemde redenaasje. Soe dy tinktrant bygelyks op it Ingelsk tapast wurde, dan kin de trijetalige skoalle wer twatalich wurde, want it Ingelsk is (noch) gjin omgongstaal yn Fryslân. En wat it Hollânsk oanbelanget is it in wetlike eask om bern mei in saneamde ‘taalachterstand’ krekt **ekstra** les te jaan ynstee fan dat der keardoelen ‘Nederlandse Taal’ skrast wurde. Der is dus dúdlik sprake fan in dûbelde taalmoraal, ta grutte skea fan it Frysk en de Fryske bern.*

*Yn tsjinstelling mei differinsjaasje op groepsnivo (ek wol mikro-nivo) wurde by differinsjaasje op skoalnivo (ek wol (meso-nivo) de (grutte) ferskillen tusken de learlingen negearre en biedt it ‘Taalplan’ de skoallen de mooglikheid om (tydlik?) in unifoarm programma (ien fan de profilen) op in leech nivo te kiezen. De Frysktalige bern krije boppedat by in kar foar de profilen D, E en F gjin kâns om har ek de skriftlike feardichheden eigen te meitsjen. Dat is sûnder mear in foarm fan slimme kultuerpedagogyske ferwaarleazing mei op ‘en doer negative gefolgen foar it Frysk as libbene (kultuer)taal. It relatyf lytse Fryske (minderheids)taalgebiet wurdt ûnderstek dien troch it jaan fan ûntheffings en dêrmei wurdt tagelyk it brûken fan it Frysk yn it iepenbiere libben yn Fryslân útholle.*

*Faaks hat de provinsje it net sa bedoeld, mar it ferplichte **oerlis** mei fertsjintwurdigers fan it ûnderwiis yn Fryslân hat gjin goed dien oan de ferplichting om ûnderwiis yn it Frysk te jaan. As gefolch fan de anty-Fryske wetjouwing fan 2014 (betingsten by de foechoerdracht) lit de ‘Beleidsregel 2015’ him dan ek lêze as in stjerhûskonstruksje. Alles wurdt út de kast helle om skoallen ta te stean om sa min mooglik oan it Frysk te dwaan en dêrmei is it ‘Taalplan Frysk’ gjin stap foarút, mar earder in stap tebek.*

*Sûnt koart hat de provinsje bekend makke, dat de skoallen nei de 0-mjitting der wer 12 jier tariedingstiid by krije, mar sûnder in dúdlike ymplementaasjestrategie. Foar it basisûnderwiis*

(ferplichting 1980) betsjut soks aanst mei-inoar  $38 + 12 = 50$  (!) jier efterstelling en foar it fuortset ûnderwiis (ferplichting 1993)  $25 + 12 = 37$  jier en dan noch is it de fraach oft it klear komt. Sûnder de skoallen mei profyl A te koart te dwaan, betsjut in belied dat benammen rjochte is op it jaan fan mear (tarijings)tiid en dat rekken hâldt mei de reewilligens (beheinde ambysjes) fan skoallen in tige ûnwisse faktor om it Frysk in libbensfetbere takomst te jaan.

### Hoe soe it moatte?

Yn it belied moat neffens ús net ‘**ûntheffing**’ fan ûnderwiis yn it Frysk sintraal stean (‘Beleidsregel’), mar moat der mei faasje wurke wurde oan in **lykweardich** en **lykberjochtige** plak fan it Frysk yn in (yntegraal) meartalich ûnderwiiskonsept (trije- of meartalige skoalle). Dêrta binne neffens ús de folgjende maatregels nedich:

1. By de beoardieling fan **de kwaliteit fan it ûnderwiis** yn Fryslân foarmet it Frysk tenei in yntegraal elemint. Effektyf tafersjoch troch de ynspekje is troch it ûntwikkeljen fan GRIP en oar toetsmateriaal sûnt 2010 mooglik. As it Frysk net meinommen wurdt yn de grûnwetlike plicht ta reguliere ‘deugdelijkheidscontrôle’, dan hâldt it syn Jan poepsplak en wurde de ûngelikense taalferhâldings legitimearre en yn stân holden.

Ek foar de **skiednis fan de Friezen** moatte sadwaande keardoelen ûntwikkele wurde (ferl. bgl. kêst 8 [1, g] fan it *Europeesk Hânfêst*) en likegoed foar de skoallen yn Fryslân dy’t ûnder de *Wet op de Expertisecentra* (WEC) falle

2. Foar it goed funksjonearjen fan in meartalich ûnderwiiskonsept is it net allinnich needsaaklik dat de **learkrêften** it Hollânsk en it Ingelsk (foldwaande) behearskje, **mar it Frysk likegoed**. Benammen foar it brûken fan it Frysk as fier- en ynstruksjetaal (ferl. bgl. ek kêst 8 fan it *Europeesk Hânfêst*) is soks fan grut belang. Learkrêften dy’t it Hollânsk breklik behearskje, kinne net funksjonearje en mei it Frysk is dat net oars. Dêr kinne en meie nea konsesjes oan dien wurde op straffe fan kultuerpedagogyske ferwaarleazing. De wer- en byskoalling fan de learkrêften op al dy skoaltypen en mêden moat mei faasje en net frijbliuwend oanpakt wurde.

3. Yn it ramt fan sa’n meartalich ûnderwiiskonsept is it needsaaklik dat der yn de kommende jierren **gaadlik (yntegraal en almeast digitaal) ûnderwiismateriaal** (learmiddels) ûntwikkele wurdt foar de oanbelangjende talen en alle oare fakken yn it algemien foarmjend en beropsûnderwiis, sadat de learlingen leare om de trije talen systematysk opinoar te belûken en te ferlykjen. Yn dat gehiel heart de Fryske fakterminology (û.o. de Frysktalige nomenklatuer) en yn rommere sin it Fryske taaleigen fan in leargebiet folslein yntegrearre te wurden. Neist skieden taalgebrûkssituaasjes binne der ek gâns lesmominten nedich foar it learen fan de oerienkomsten en ferskillen tusken de talen op basis fan sok yntegraal meartalich materiaal.

### Ta beslút

As it Frysk net op alle mêden brûkt wurdt en brûkt wurde móat, dan wurdt dat systematysk ferkrongen troch it benammen it Hollânsk en likegoed it Ingelsk en nimt de kwaliteit fan ús taal hurd ôf. Dat proses is al in hiel hoart geande en dat hat taalpolitike oarsaken. It is dêrom in saak fan *rjochtfeardigens* (‘linguistic justice’) om it Frysk op guon maatskiplike terreinen (ek yn it ûnderwiis yn Fryslân) de status te jaan fan *earste* taal (sjoch bgl. de publikaasjes fan Philippe Van Parijs). Dêrta hat it ûnderwiis in útfierende en gjin (mei)beslissende taak. No’t it Ryk foech oer it ûnderwiis yn it Frysk nei de provinsje oerdroegen hat, soe de provinsje syn ferantwurdlikens op dat mêd ek folslein neikomme moatte. De ‘Beleidsregel’ en it ‘Taalplan’ sjitte spitigernôch tekoart om it paad omheech te finen. De útfierde 0-mjitting kin de situaasje tige fertroebelje as de ‘resultaten’ opfette

wurde as in 'bewiis' dat der 'te hege easken' oan ûnderwiis yn it Frysk steld wurde, wylst soks yn it ramt fan it 'Taalplan' hielendal net ûndersocht is.

It soe dus oars en gâns better kinne en moatte. De *FFU* tidiget dan ek op in effektive oanpassing fan it belied.

*Itens/Drachten, 7 juny 2018*

**Taheakke:**

*FFU-antwurden op fragen fan de kommisje-Walsweer nei oanlieding fan de 0-mjitting yn it ramt fan it 'Taalplan Frysk'.*

**Fraach 1:** *Hoe sjocht de FFU nei it ûndersyk fan it 'Taalplan Frysk'?*

Yn 2006 hat de ûnderwiisynspeksje al in in soarte fan 0-mjitting dien oangeande de no jildende keardoelen Frysk yn it oanbod fan de skoallen sûnder dat der beliedsmjittich wat mei dien is. De tekst fan it *Taalplan Frysk* jout gjin garânsje dat soks anst better wurde sil. Skoallen krije (te) rom de tiid om neffens eigen (faak beheinde) ambysjes en de taaleftergrûn fan de skoalregio it programma-oanbod Frysk fêst te stellen. It belied kriget sa it karakter fan in omkearde salami-taktyk: de provinsje giet hieltyd wer akkoart mei stapkes tebek by it neikommen fan de ferplichting fan it Frysk as in lykweardich fak.

**Fraach 2:** *Wat binne de wichtichste punten fan soarch?*

- It loslitten fan de spegele keardoelen Frysk hat de status fan it Frysk op 'e skoallen tige skea dien.
- It saneamde 'draachflakbetingst' jout de skoalle as útfierder fan belied wetlik de kâns om in lykweardich plak fan it ûnderwiis yn it Frysk neffens in meartalich konsept op te kearen.
- It brûken fan it Frysk (sj. de 'Taalatlas') as kritearium foar (parsjele) ûntheffing giet yn tsjin de bedoeling fan keardoelen, ntl. as in *kearnoanbod* foar alle skoallen.
- De kar foar *eksterne* differinsjaasje op *skoalnivo* (allinne foar it Frysk bestiet der in *kar út profilen*) ynsteed fan *ynterne* op *groepsnivo* docht in lykweardige en lykberjochtige posysje fan de taal slim ûnderstek.
- Wy fine neat oer de *needsaak* om keardoelen gear te stellen foar de *WEC-skoallen* en de *skiednis fan de Friezen* (sj. ek. Europeesk Hânfêst, kêst 8).

**Fraach 3:** *Hokfoar kânsen?*

- De diskusje oer nije keardoelen Frysk kin de *lykweardigens* fan de taal (en kultuer) binnen in *meartalich* konsept werom bringe.
- It 'Taalplan Frysk' útwreidzje mei in ymplementaasjestrategie mei *betingsten* op it mêd fan kwaliteitsbeoordieling (tafersjoch), behearsking fan it Frysk troch *alle* ûnderwiispersoneel en *yntegraal* meartalich materiaal foar ek oare fakken, likegoed foar de skoallen dy't ûnder de WEC falle.

*Bestjoer FFU, 7 juny 2018*